Antwurd op de fraach fan de D66-fraksje oft it kabinet ree is om de bekostiging fan it Fryske taalûnderwiis op 'e nij yn oerwaging te nimmen by it opstellen fan de nije BFTK.

Antwurd op de fraach fan de leden fan de CDA-fraksje wat it stânpunt fan it kabinet is oangeande de finansiering fan it fak Frysk op skoallen foar basis- en fuortset ûnderwiis.

Sa't by it beäntwurdzjen op de fraach fan de VVD-fraksje oanjûn is, rint de finansiering foar it yn stân hâlden fan it fak Frysk op skoallen fia it provinsjefûns. It kabinet is ree om mei de provinsje Fryslân yn it ramt fan in nije BFTK yn petear te gean oer de middels dy't se ûntfange fan de Ryksoerheid foar it Frysk fia it budzjet foar Materiële Ynstânhâlding Frysk.

Antwurd op de fragen fan de leden fan de CDA-fraksje oft it kabinet erkent dat it oanbieden fan in ekstra skoalfak sûnder oanfoljende bydrage foar skoallen finansjele konsekwinsjes hat en dat soks ûntmoedigjend wurkje kin, wylst it doel fan de Wet gebrûk Fryske taal krekt is: it befoarderjen fan it behearskjen en it brûken fan de Fryske taal? Hat de provinsje Fryslân oanjûn hokker bedrach nedich wêze soe? Sa nee, is de minister ree dat by de provinsje Fryslân nei te freegjen? Sjocht de minister oanknopingspunten yn de rom beskikbere middels foar de kwaliteit fan it ûnderwiis om wat oan de konkrete situaasje te dwaan?

Alle skoallen yn Nederlân ûntfange in basisbekostiging (lumpsum). Dy lumpsum is ornearre foar it totaalpakket fan it ûnderwiis sa't in skoalle dat oanbiede wol en giet op oan leararesalarissen, meubilêr, skjinmeitsjen ensfh. Skoallen yn de provinsje Fryslân ûntfange dêr boppe-op fan de Ryksoerheid budzjetten foar it Frysk. De hichte fan dat budzjet Materiële Ynstânhâlding Frysk (MIF) foar 2022 is foar it primêr ûnderwiis € 415.000 en foar it fuortset ûnderwiis € 70.000. Dêrneist draacht it Ryk mei 1 miljoen euro jierliks fia it provinsjefûns ek by oan it yn stân hâlden fan de basisynfrastruktuer foar in trochgeande learline Frysk.

It ministearje fan OCW giet yn oanrin nei in nije Bestjoersôfspraak mei de provinsje yn petear oer ambysjes foar it Frysk en sil freegje en besjen wat nedich

**Directoraat-Generaal
Bestuur, Ruimte en
Wonen**
Directie Democratie en
Bestuur | Afdeling
Democratie

Kenmerk
2022-0000615381

⁹ Keamerstikken II, 2021-2022, 2022D30630

is om derfoar te soargjen dat skoallen har net ûntmoedige fiele om it Frysk oan te bieden.

Antwurd op de fraach fan de VVD-fraksje oft de minister ree is om de konklúzjes fan de ûnderwiisynspeksje op te pakken en dêr nije ôfspraken mei de provinsje oer te meitsjen yn de BFTK 2024 - 2028.

Ja, it ministearje fan OCW giet mei de provinsje yn petear oer de konklúzjes fan de ûnderwiisynspeksje mei it each op de BFTK 2024 - 2028. Yn de ûnderhannelingen foar dat bestjoersakkoart sil besjoen wurde hokker ambysjes en útdagingen der binne op it mêd fan it Frysk en wat dat betsjut foar de middels dy't nedich binne.

Antwurd op de fraach fan de CDA-fraksje wat it aktuele stânpunt fan it kabinet is oangeande de winsk fan de provinsje Fryslân om it tafersjoch op de kwaliteit fan it oanbod fan it skoalfak Frysk út te fieren, yn stee fan de ûnderwiisynspeksje.

De Ynspeksje fan it ûnderwiis hâldt tafersjoch op it ûnderwiisoanbod, sa ek op it oanbod fan it skoalfak Frysk. De ferantwurdlikens foar goed ûnderwiis leit by de skoalbestjoeren. Dat jildt ek foar it ûnderwiisoanbod Frysk en de kwaliteit dêrfan. Yn it tafersjoch slút de ynspeksje oan by dy ferantwurdlikens, sa ek foar it Frysk by de skoalbestjoeren dy't skoallen yn Fryslân hawwe en dy't it Frysk oanbiede moatte. By elk fjouwerjierliks ûndersyk is de stân fan saken foar it Frysk ien fan de te ûndersykjen tema's en dat komt by alle startpetearen oan bod. Ek kin Frysk ûnderdiel útmeitsje fan ferivikaasje-aktiviteiten op de skoallen. As bestjoeren en/of skoallen har net oan de wetlike easken hâlde, hat de ynspeksje it foech om yn te gripen en kinne se wêr't dat nedich is in herstelopdracht jaan. De ynspeksje hat de kennis en ekspertize foar it útfieren fan dat tafersjoch yn 'e hûs, wêrby't Frysk like wichtich is as oare fakken. Fan in oerdracht fan foegen of taken fan de ynspeksje nei de provinsje Fryslân is dan ek gjin sprake.

Antwurd op de fraach fan de CDA-fraksje oer de posysje fan de stúdzje nei de Fryske taal en kultuer en oft dy in plak krigen hat yn de sektorplannen.

It kabinet ynvestearret struktureel 200 miljoen euro yn it ynstrumint sektorplannen. Yn line mei it koälysje-akkoart is dêrby omtinken frege foar de lytse stúdzjes yn de geasteswittenskippen, yn it bysûnder foar de moderne frjemde talen en de stúdzje Nederlânske taal en kultuer (ynklusyf Frysk). Dy middels binne ornearre foar alle fjouwer wittenskipsdomeinen: sosjale en geasteswittenskippen, bêta, technyk en medysk.

It domein sosjale en geasteswittenskippen is ferantwurdlik foar it skriuwen en ymplementearjen fan in sektorplan en hat al in sektorplan yntsjinne by de Nasjonale Kommisje Sektorplannen. Dy kommisje makket in ynhâldlike en ûnôfhinklike oerwaging yn de prioritearring fan oanbelangjende sektoaren dy't yn de beneaming komme foar de finansiering fan in sektorplan. It kommende jier sil de kommisje dêr advys oer útbringe oan de minister fan OCW.

Antwurd op de fraach fan de CU-fraksje oft it kloppet dat skoallen gjin middels krije foar it oanbieden fan it Frysk.

Sa't út boppesteande antwurden fan oare fragen bliken docht, kloppet dat net.

Antwurd op de fraach fan de CU-fraksje hokker maatregels it kabinet nimme kin om it tekoart oan dosinten op te lossen, krekt fanwege it belang fan goed taalûnderwiis foar de takomstbestindigens fan it Frysk.

Wy beskikke net oer eksakte sifers oangeande tekoarten foar it skoalfak Frysk, mar ûntfange wol sinjalen dy't derop wize dat it lestich is om dosinten Frysk te finen. Om de tekoarten - dy't yn it hiele fuortset ûnderwiis in probleem binne - oan te pakken, moatte alle registers iepen. Der wurdt in pakket oan maatregels

**Directoraat-Generaal
Bestuur, Ruimte en
Wonen**
Directie Democratie en
Bestuur | Afdeling
Democratie

Kenmerk
2022-0000615381

nommen, dat ek te 'n goede komt oan de tekoarten foar it skoalfak Frysk. Sa wurdt gearwurking op (ûnderdielen fan) de ûnderwiisarbeidsmerk fia ferskate regelingen stimulearre, wêrûnder de Regionale Oanpak Personeelstekoart. Fia dy regeling hawwe skoalbestjoeren en learare-opliedingen yn de regio Fryslân mienskiplik subsydzje oanfrege en se binne dwaande om it personeelstekoart yn de regio oan te pakken. Dêrneist is der ûnder oaren de suksesfolle regeling sydynstream: in temjittekomming oan skoallen foar it begelieden en oplieden fan sydynstreamers, dy't wurkje kombinearre mei leare. It subsydzjebedrach fan dy regeling wurdt mei yngong fan takom jier ferhege fan € 20.000 nei € 25.000 de sydynstreamer. Nei ferwachting sille dêrtroch mear skoalbestjoeren in sydynstreamer yn berop yn tsjinst nimme. Ek wurdt ynset op it fergrutsjen fan de oantreklikens fan it berop. Sa is yn it ûnderwiisakkoart fan okkerdeis in strukturele ynvestearring ôfptraat om de wurkdruk yn it fuortset ûnderwiis te ferminderjen. In fierdere taljochting op de bredere oanpak fan de tekoarten is te finen yn de Keamerbrief¹⁰ Leararestrategie fan july II. en de Keamerbrief¹¹ update Leararestrategie fan oktober II. Yn dy Keamerbrievens beskriuwt it kabinet ús ynset om te kommen ta in effektyf pakket oan maatregels en sketse we de dilemma's dy't we sjogge foar mear strukturele en fierdergeande oanpassingen yn it stelsel.

**Directoraat-Generaal
Bestuur, Ruimte en
Wonen**
Directie Democratie en
Bestuur | Afdeling
Democratie

Kenmerk
2022-0000615381

Antwurd op de fragen fan de SGP-fraksje wêrom't it feroarjen fan it kurrikulum oangeande de Fryske taal ôfhinklik wêze soe fan it lanlike proses fan kurrikulumferoaring. Is de Fryske taal net in sadanige spesifike en eksklusive oangelegenheid dat dy ek ôfsûnderlik trochset wurde kin?

De ynhâld fan it fak Frysk stiet omskreaun yn de keardoelen (primêr ûnderwiis en ûnderbou fuortset ûnderwiis) en de eksamenprogramma's (boppebou fuortset ûnderwiis). It feroarjen fan de keardoelen en eksamenprogramma's foar de Fryske taal kin yndied relatyf ûnôfhinklik fan oare fakken of leargebieten plakhawwe. Frysk hat syn eigen kommisjes en eigen trochrintiden. Fanwege de gearhing mei oare besibbe fakken (de talen) is ôfstimming mei dy fakken wichtich. Dêrom oerlapet de ûntwikkeltiid fan Frysk mei Nederlânsk en de moderne frjemde talen (MVT), dy't foar in part al begûn binne. De bystelling fan de keardoelen Frysk falt ûnder de ferantwurdlikens fan de provinsje Fryslân mei technyske stipe fan SLO. Sy binne yntusken begûn mei dat trajekt. It bystellen fan de eksamenprogramma's Frysk falt ûnder ferantwurdlikens fan de Ryksoerheid en wurdt útfierd troch SLO. Yn septimber binne de tariedings nommen sadat yn jannewaris 2023 de fakfernijingskommisje fan start gean kin.

Tresoar

Antwurd op de fragen fan de VVD-fraksje oft it kabinet yndied it foarnimmen hat om him út dy organisaasjestrutuer werom te lûken en oft it kabinet dêrmei net yngiet tsjin de makke ôfspraken yn de BFTK? Antwurd op de fragen fan de CU-fraksje oft it kabinet fêsthâldt oan de earder makke ôfspraak om it Ryk ûnderdiel bliuwe te litten fan de organisaasjestrutuer fan it Frysk histoarysk en letterkundich sintrum Tresoar. Dêrneist freget de fraksje wat it bredere takomstperspektyf foar Tresoar is.

De Keamer is oer dat foarnimmen om op 25 juny 2020 út de mienskiplike regeling te stappen, ynformearre nei oanlieding fan stelde Keamerfragen (Geluk-Poortvliet en Van der Molen, CDA, nr. 3298). Boppedat is de Keamer op 9 febrewaris II. by ôfskrift ynformearre oer de brief fan de eardere minister foar Basis- en Fuortset ûnderwiis en Media fan 15 desimber 2021 oan de bestjoeren fan de Regionale Histoaryske Sintra oer de transysje fan de RHC's en de bestjoerlike ôfspraken dêroer¹². It Ryk hat it foarnimmen om mei yngong fan 1 jannewaris 2025 út de mienskiplike regelingen fan de Regionale Histoaryske Sintra (RHC's) te treden. Dy

¹⁰ Keamerstikken II, 2021/2022, 27 923 nr. 443

¹¹ Keamerstikken II, 2021/2022, 27 923 nr. 446

¹² Keamerstikken II, 2021/2022, 35 925 VIII, nr. 150

datum is troch it ministearje fan OCW dield mei de bestjoeren fan de RHC's, sadat se dêr by harren tariedingen rekken mei hâlde kinne.

Yn it beäntwurdzjen fan de neamde Keamerfragen is oanjûn dat ek oare foarmen fan bestjoerlike gearwurking gaadlik wêze kinne om foarm te jaan oan dy mienskiplike ferantwurdlikens. Der is dus gjin sprake fan it skeinen fan makke ôfspraken yn de hjoeddeistige BFTK.

Antwurd op de fraach fan de D66-fraksje oft it kabinet neier taljochtsje kin oft it fan miening is dat it Ryk net sûnder ynstimming fan wjerskanten fan dy ôfspraak ôfstappe kin yn de nije BFTK.

Antwurd op de fraach fan de CDA-fraksje nei in stân fan saken fan de útfiering fan de moasje¹³ Van der Molen / Aukje de Vries oer it fuortsetten fan de dielname oan de Regeling Letterhoeke.

Op dit stuit is der noch oerlis mei de provinsje Fryslân oer it foarnimmen fan it Ryk om út de mienskiplike regeling Tresoar te stappen en oer de takomst fan de mienskiplike regeling. Ek it takomstperspektyf foar Tresoar wurdt yn dy petearen mei de provinsje meinommen. Útkomsten oangeande de Fryske taal binne net letter as yn it jier 2023 te ferwachtsjen.

Antwurd op de fraach fan de CDA-fraksje oft de minister yngean kin op de aard en ynhâld fan it beslút om te soargjen foar in mienskiplike regeling en hat dat beslút ferbân mei de oannommen moasje.

De Wet mienskiplike regelingen (WGR) dêr't de gearwurking binnen it RHC op basearre is, is by Wet fan 9 july 2014¹⁴ wizige, wat oanlieding jûn hat ta it technysk oanpassen fan de mienskiplike regeling. Sa is ek de namme Tresoar fan it iepenbier lichem fêstlein. Ynhâldlik binne der gjin saken wizige. It beslút hat gjin ferbân mei de oannommen moasje.

Nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer

Antwurd op de fraach fan de fraksjes fan de VVD en D66 oft it kabinet de miening dielt dat it ambysjenivo foar de ympakt op it Fryske taalbelied omheech moat.

De ambysje yn de hjoeddeistige BFTK is dat yn 2030 it tal persoanen yn de provinsje Fryslân dat de Fryske taal skriuwt, lêst en praat tanommen is. Dêrby wurdt ûnderskied makke tusken memmetaalsprekkers en persoanen foar wa't it Frysk in twadde of tredde taal is. Doel fan de ôfspraken yn de BFTK is om dat spearpunt yn 2030 te heljen. It proses om ta de nije BFTK te kommen is úteinset. De planning is om de nije Bestjoersôfspraak nei it simmerreses fan 2023 mei de oanbelangjende partijen te ûndertekenjen en oan de Keamer te stjoeren.

Antwurd op de fragen fan de CDA-fraksje oer de belutsenheid fan maatskiplike partners en harren ambysjes by de nije BFTK en op hokker wize de oanbefellingen fan DINGtiid in plak yn de nije BFTK krije.

By it ta stân kommen fan de nije BFTK wurde relevante partners behelle. By it advys fan DINGtiid hawwe ûnderskate partners út it taalfjild al ynbring levere. Under mear op basis fan dy ynbring hat DINGtiid oanbefellingen dien foar de nije BFTK. Yn de besprekkingen foar de nije BFTK wurde dy oanbefellingen meinommen. It is op dit stuit te betiid om fan alle oanbefellingen oan te jaan oft en hokker plak dy oanbefellingen krigen hawwe yn de nije BFTK.

**Directoraat-Generaal
Bestuur, Ruimte en
Wonen**
Directie Democratie en
Bestuur | Afdeling
Democratie

Kenmerk
2022-0000615381

¹³ Keamerstikken 2020/2021, 35 570 VII, nr. 76

¹⁴ Stb. 2014, nr. 306

Antwurd op de fragen fan de VVD-fraksje oer wêrom't de oanbefellingen fan it Europeeske Committee of Experts net meinommen wurde yn de BFTK-struktuer en oft it kabinet it foarnimmen hat om dêr feroaring yn oan te bringen.

Ein juny hat it Europeeske Komitee fan Eksperts fan de Ried fan Europa in besite oan Nederlân brocht. Sy ûndersykje hoe't de oerheid omgiet mei de doelstellingen sa't dy yn it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden opsteld binne. Op dit stuit bin ik yn ôfwachting fan it evaluaasjerapport nei oanlieding fan dy fisitaasje. It evaluaasjerapport sil ik oan jimme Keamer stjoere, wêrby't ik yn in brief yngean sil op de oanbefellingen fan it Komitee. De oanbefellingen sil ik behelje by de nije BFTK.

**Directoraat-Generaal
Bestuur, Ruimte en
Wonen**
Directie Democratie en
Bestuur | Afdeling
Democratie

Antwurd op de fragen fan de D66-fraksje hoe't it kabinet de wikselwurking tusken oan 'e iene kant de oanbefellingen en rapportaazje fan de ekspertkommisje en oan 'e oare kant it opstellen fan in nije BFTK sjocht. Dielt it kabinet de fisy dat dy beide saken mei-inoar ferbûn wêze moatte soene?

Kenmerk
2022-0000615381

Troch de ratifikaasje fan it Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden hat Nederlân him ferplichte de Fryske taal en kultuer te beskermjen en te befoarderjen. De BFTK wurdt sjoen as de útwurking fan de maatregels foar de Fryske taal dy't Nederlân ûnder dat Hânfêst ratifisearre hat. De oanbefellingen en rapportaazjes fan de ekspertkommisje fan de Ried fan Europa en de BFTK binne mei-inoar ferbûn.

Antwurd op de fraach fan de D66-fraksje oft it kabinet yn de besprekkingen foar in nije BFTK yn petear gean wol mei fertsjintwurdigers fan de ûnderskate opliedingen Sjoernalistyk, wêrûnder Hegeskoalle Windesheim en de RUG, oer it opnimmen fan Frysk (taallessen en eventueel ek kultuer) yn it ûnderwiisoanbod?

Der bart al in soad by ûnderskate hegeskoallen om it Frysk goed yn te bêdzjen. By NHL Stenden Hegeskoalle is in saneamde kombystúdzje Nederlânsk-Frysk yn it libben roppen: studinten kinne dêrtroch sûnder roasterproblemen tagelyk in learare-oplieding Frysk en in learare-oplieding Nederlânsk folgje. Ek biedt dy hegeskoalle yn Grins in earstegraadslearare-oplieding Frysk op masternivo oan. Op de Fryske Pabo's is it fak Frysk ferplichte yn it earste en twadde jier. Studinten kinne dêrneist it Frysk foech (sertifikaat Frysk) helje.

Alhoewol't it kabinet grut belang hechtet oan de Fryske taal is it oan de ynstellingen sels om ynfolling te jaan oan harren kurrikulum.

Sichtberensakkoart

Antwurd op de fragen fan de VVD-fraksje oer it ymplemintearjen fan de Fryske taal yn al syn fasetten, wêrby't it Frysk yn de tapassing troch it Ryk en de provinsje lykweardich is oan it Nederlânsk. Hoe wol it kabinet dêr feroaring yn bringe?

Yn kêst 1.5 fan de hjoeddeistige BFTK is ôfpraat dat de provinsje Fryslân út syn ferantwurdlikens wei fan boargjen en befoarderjen fan de Fryske taal de funksje hat om de Fryske taal yn al syn fasetten te brûken en út te dragen. Fierder is yn de BFTK ôfpraat dat de provinsje en it Ryk harren dêrneist ynsette om it funksjoneel brûken fan it Frysk, en dêrmei de sichtberens, yn de iepenbiere romte yn de provinsje Fryslân safolle mooglik te fergrutsjen. Dêr wêr't it Ryk it kin, wurdt sjoen nei it brûken fan de Fryske taal en is dat fêstlein yn it Sichtberensakkoart. Ik haw it foarnimmen om dy ôfspraken yn de nije BFTK te kontinuearjen.

Antwurd op de fraach fan de fraksje fan it CDA hokker konkrete ôfspraken yntusken makke binne mei de útfierende organisaasjes nei it ôfsluten fan it Sichtberensakkoart.

Om de Fryske taal yn it iepenbiere libben mear sichtber te meitsjen, starte it Ryk en de provinsje in pilot mei tydlike bebuording by Rykswegen yn de provinsje Fryslân. Dy bebuording wurdt yn sawol de Nederlânske taal as yn de Fryske taal werjûn. De start fan dy pilot wurdt yn oerlis mei de provinsje Fryslân útfierd, om't de twatalige bebuording dan ek trochrint op provinsjale diken. Der is noch gjin datum fêststeld wêrom't de buorden pleatst wurde.

Op dit stuit wurdt fan trije Rykskantoaren yn de provinsje Fryslân de bebuording yn de iepenbiere romten oanpast nei twatalige buorden. Ik besjoch foar de nije Bestjoersôfspraak mei de partners hokker ambysjes en ôfspraken foar it brûken fan it Frysk yn en om Rykskantoaren formulearre wurde kinne. Yn it Sichtberensakkoart is ek ôfpraat dat by renovaasje of ynrjochting fan in nij Rykskantoar yn de provinsje Fryslân it Ryk him ynset om keunst fan in Fryske keunstner of keunst mei in Frysk karakter sichtber te meitsjen.

**Directoraat-Generaal
Bestuur, Ruimte en
Wonen**
Directie Democratie en
Bestuur | Afdeling
Democratie

Kenmerk
2022-0000615381

Antwurd op de fraach fan de SGP yn hoefer't der ambysjes of ferplichtingen binne oangeande twatalige bebuording yn gebouwen fan ynstellingen dy't yn de semypublike sektor operearje.

Der binne op dit stuit gjin ambysjes en gjin ferplichtingen foar twatalige bebuording by gebouwen fan ynstellingen dy't yn de semypublike sektor operearje.

Antwurd op de fraach fan de fraksje fan de SGP wêrom't de kar foar twatalige bebuording en ynformaasjefoarsjening by de rykswegen lâns yn de foarm fan in pilot plakhat. Hokker ûndúdlikheden en ûnwissichheden binne der dy't it needsaaklik meitsje om earst in proef te dwaan? Wêrom kin dy maatregel net fuortdaliks definityf ynfierd wurde?

De reden foar in pilot is dat it noch net dúdlik is wat de effekten binne fan twatalige bebuording by de snelwegen lâns. Fan ûnderfining fan oare lannen is bekend dat oan twatalige bebuording by wegen del ek neidielen ferbûn binne. Tink dêrby oan ferkearde ynterpretaasje fan in boadskip troch harren dy't de taal net machtich binne of dat in bestjoerder dochs besiket te ynterpretearjen wat op it boerd stiet, wat te 'n koste gean kin fan it riden en dêrmei fan de ferkearsfeiligens. By de pilot wurdt keazen foar it tafoegjen fan in ekstra ynformaasjeboerd by weiwurksumheden yn de Fryske taal, en net foar twatalichheid op ien boerd, om de kâns op negative gefolgen foar de ferkearsfeiligens safolle mooglik te beheinen. Fierder is der op dit stuit noch ûnfoldwaande sicht op de kosten fan bebuording yn twa talen, dat makket dat it lyksa net foar de hân leit om fuortdaliks te kiezen foar definitive ynfiering fan twatalige bebuording by de wegen del.

Frysk yn de media

Antwurd op de fraach fan de D66-fraksje oft it kabinet it belang fan Frysktalige skreaune media foar it befoarderjen fan de sichtberens en it gebrûk fan de Fryske taal ûnderskriuwt.

It kabinet ûnderskriuwt it belang fan Frysktalige skreaune media foar it befoarderjen fan de sichtberens en it gebrûk fan de Fryske taal. Lykas neamd yn de hjoeddeistige BFTK ferfolje de Frysktalige media, sawol tradisjonele mediafoarmen dêr't ek de skreaune parse ûnder falt, as ek digitale (sosjale) en nije foarmen fan media in wichtige posysje foar it gebrûk, behâld en de status fan de Fryske taal.

Antwurd op de fraach fan de D66-fraksje oft it kabinet ree is yn petear te gean mei oare Frysktalige skreaune media yn de oanrin nei de nije BFTK.

De skreaune parse yn Nederlân is ûnôfhinklik en redaksjoneel autonoom yn de kar dy't se meitsje foar de ynhâld fan harren kranten. Dat lit ûnferoare dat ik, wêr't dat past, it ûnderwerp yn omtinken bringe kin by de petearen yn oanrin nei de nije BFTK fan 2024 ôf.

Frysk yn de rjochtspraak

Antwurd op de fraach fan de VVD-fraksje oer de mooglikheden om Frysk te praten yn de rjochtbank.

It kabinet wol mei klam sizze dat it wichtich is dat de Fryske taal yn de rjochtspleging brûkt wurdt en dêr wurdt ek yn foarsjoen. By de rjochtbank Noard-Nederlân en it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert binne yn it sittingsplak Ljouwert rjochters, riedshearen en griffiers wurksum dy't de Fryske taal passyf behearskje. By it arrondissemintsparket Noard-Nederlân en de fêstiging fan it ressortsparket yn Arnhem-Ljouwert binne offisieren fan justysje en advokaten-generaal wurksum dy't it Frysk passyf behearskje. By de oare prosesdielnimmers is it byld tige wikseljend.

De rjochter freget nei oft in prosedueredielnimmer gebrûk meitsje wol fan it rjocht om op de rjochtsitting Frysk te praten, bedoeld yn kêst 11 fan de Wet gebrûk Fryske taal. Wannear't soks net sûnder tolk mooglik is, wurdt gebrûk makke fan in Fryske tolk.

Yn de oare sittingsplakken fan de rjochtbank Noard-Nederlân (Assen en Grins) en it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert (Almelo, Arnhem, Grins, Lelystêd, Utrecht, Zutphen en Zwolle) wurdt yn de praktyk troch persoanen, bedoeld yn kêst 11 fan de Wet gebrûk Fryske taal, amper gebrûk makke fan it ek dêr jildende rjocht om Frysk te praten. Yn de oare sittingsplakken wurkje ek minder minsken by de rjochtspraak of it iepenbier ministearje dy't it Frysk passyf behearskje.

Op 25 april II. hat de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes de Tuskenrapportaazje Fryske taal en kultuer 2019-2023 nei jimme Keamer stjoerd. Dêryn is oangeande de útfiering fan de moasje Palland c.s., dêr't it regear yn fersocht wurdt om yn oerlis mei de provinsje Fryslân ta in oplossing te kommen wêryn't it rjocht om Frysk te praten yn de rjochtbank troch oanbelangjenden boarge is, tasein om jimme Keamer foar de simmer te ynformearjen oer de útkomsten fan dat oerlis. Dêrby soene ek it brûken fan it Frysk yn it proses-ferbaal en it fan krêft wurden fan kêst 14 fan de Wet gebrûk Fryske taal oan de oarder komme.

De minister fan Justysje en Feiligens hat earder oan de Keamer witte litten (Ferslach skriftlik oerlis d.d. 24 juny 2022, TK 21/22, 29936 nr. 64) dat de petearen geande binne en dat de útkomsten fan dy petearen langer op har wachtsje litte. Dêrneist hat de Minister jimme Keamer witte litten dat de rjochtbank Noard-Nederlân en it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert meiwurkje oan in nultmjitting fan de provinsje Fryslân om mear ynsjoch te krijen yn hoe faak ynwenners fan Fryslân yn de praktyk gebrûk meitsje fan it rjocht om Frysk te praten yn de rjochtbank en/of it gerjochtshôf. Dy nultmjitting rjochtet him ek op de sichtberens en de passive taalbehearsking Frysk by meiwurkers fan beide gerjochten.

De nultmjitting is yntusken ôfrûne. De resultaten binne okkerdeis yntern besprutsen binnen de rjochtbank Noard-Nederlân, it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert en de provinsje Fryslân. Dêrneist wurdt yn de perioade fan 26 septimber 2022 oant en mei 31 desimber 2022 yn de rjochtbank Noard-Nederlân en it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert in oanfoljende nultmjitting ferrjochte. Dêrby sil besjoen wurde yn hoefolle saken Frysk praat wurdt en of ferklearringen yn it proses-ferbaal yn it

**Directoraat-Generaal
Bestuur, Ruimte en
Wonen**
Directie Democratie en
Bestuur | Afdeling
Democratie

Kenmerk
2022-0000615381

Frysk of yn it Nederlânsk opnommen wurde. As de resultaten fan de beide ûndersiken besprutsen binne mei de rjochtbank Noard-Nederlân, it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert en de provinsje Fryslân wurdt jimme Keamer ynformearre oer de maatregels dy't eventueel nedich binne om, ta útfiering fan de moasje Palland c.s., it prate kinnen fan de Fryske taal troch oanbelangjenden yn de Fryske gerjochten fierder te boargjen.

Antwurd op de fraach fan de CU-fraksje oer de beskikberens fan tolken Frysk.

Foarôfgeand oan elke sitting wurdt skriftlik oan partijen frege oft se by de sitting gebrûk meitsje wolle fan it rjocht om Frysk te praten. By de planning fan de sitting wurdt dêr dan rekken mei holden. Dy sittingen wurde dan safolle mooglik ynpland by in rjochter of riedshear en griffier dy't de Fryske taal yn alle gefallen passyf behearskje. Ek dêr sille de resultaten fan de hjirfoar neamde ûndersiken by behelle wurde. Mocht it ûnferwachts dochs nedich wêze om gebrûk te meitsjen fan in Fryske tolk, dan wurdt yn begjinsel in beëdige tolk fan it C1-nivo frege. As der haast by is en/of der op dat momint gjin beëdige C1-tolk beskikber is, kin nei goedkarring fan de opdrachtjouwer útwykt wurde nei in beëdige tolk út it register fan it B2-nivo of, wannear't dy net beskikber is, in tolk dy't net ynskreaun stiet yn it register.

Antwurd op de fragen fan de fraksjes fan D66, de CU en de SGP oer de fergoeding foar de tolken Frysk en de gefolgen dêrfan foar de mooglikheden om Frysk prate te kinnen yn de rjochtbank.

It is wichtich dat de Fryske taal yn de rjochtspleging by de rjochtbank Noard-Nederlân en it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert lykweardich oan it Nederlânsk brûkt wurdt en dat foarsjoen wurdt yn wat dêrfoar nedich is.

By de rjochtbank Noard-Nederlân en it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert binne rjochters, riedshearen en griffiers wurksum dy't de Fryske taal passyf behearskje. By it arrondissemintsparket Noard-Nederlân en de fêstiging fan it ressortsparket yn Arnhem-Ljouwert binne offisieren fan justysje en advokaten-generaal wurksum dy't it Frysk passyf behearskje. Dêrtroch is it yn de deistige praktyk faak mooglik dat de persoan, bedoeld yn kêst 11 fan de Wet gebrûk Fryske taal, Sitting Fryske taal, him op de sitting sûnder tuskenkomst fan in tolk fan de Fryske taal betsjinje kin. Pas wannear dat net mooglik is, wurdt der as second best opsje gebrûk makke fan in Fryske tolk. Der meie dan tolken wêze dy't harren wurksumheden foar de oerheid dellein hawwe, mar it is net sa dat de Friezen op dit stuit gjin gebrûk meitsje kinne fan it wetlik ferankere rjocht om Frysk te praten yn de rjochtspraak.

Dêrneist is op 7 july in moasje oannommen dêr't it regear yn fersocht wurdt om by it útskriuwen fan de oanbesteging foar gerjochtstolken it ynskriuwtaryf sa te ferheegjen en de betingsten sa oan te passen dat it skrasse fan de foarrydkosten gjin neidiel mear opsmyt foar de gerjochtstolken.¹⁵ Om't boppedat allinnich yn útsûnderlike gefallen de ynset fan Fryske tolken nedich is, bin ik fan miening dat dat net liedt ta in ynbreuk op it rjocht om Frysk te praten yn de rjochtspraak.

De beskikberens fan in tolk is yn alle talen fan belang. De rjochtspraak is dan ek wetlik ferplichte om gebrûk te meitsjen fan beëdige tolken of fertalers.¹⁶ Foar it Frysk jildt de situaasje dat de rjochtssitting yn it Frysk behannele wurde kin. Dêrby is de ynset fan in Fryske tolk yn de rjochtspraak in second best opsje lykas earder neamd. Om dy redenen wurdt by it boargjen fan it Frysk yn it rjochtsferkear net spesifyk de tolkefergoeding behelle.

¹⁵ [Regels oangeande de beëdiging fan tolken en fertalers en de kwaliteit en de yntegriteit fan beëdige tolken en fertalers \(Wet beëdige tolken en fertalers\) | Twadde Keamer fan de Steaten-Generaal](#)

¹⁶ Yn kêst 28 Wet beëdige tolken en fertalers is opnommen dat û.o. de rjochtspraak allinnich gebrûk meitsje meie fan beëdige tolken en fertalers. Dêr kin allinnich mar fan ôfwykt wurde yn de yn dat kêst beneamde spesifike gefallen.

It kabinet is fan miening dat de fergoeding fan tolken net yn it paad stean mei fan de beskikberens fan tolken. De ôfrûne perioade hawwe der dan ek ferskate wizigingen yn it stelsel plakhân om ûnder oaren de ynset fan beëdige tolken binnen de ta ôfname ferplichte organisaasjes te ferheegjen. Dêrby is de útgongsposysje fan de selsstannich wurkjende tolk in wichtich aspekt. Sa is in minimum taryf ynfierd, sadat tolken harren eigen taryf freegje kinne op basis fan fraach en oanbod en frege ekspertize. Dat minimumtaryf wurdt mei yngong fan 1 jannewaris 2023 ferhege nei € 55,- de oere en sil mei yngong fan 2024 jierliks yndeksearre wurde. Dêrneist sil yn de oanbesteging foar gerjochtstolken ek rekken holden wurde mei de bysûndere posysje fan gerjochtstolken yn line mei de neamde moasje by de beântwurdiging fan de fragen fan D66. Dy oanbesteging sil yn desimber publisearre wurde. It is no wichtich om de resultaten fan dy oanpassingen yn de praktyk te besjen. Dêrom wurde de resultaten dêrfan monitoare.

**Directoraat-Generaal
Bestuur, Ruimte en
Wonen**
Directie Democratie en
Bestuur | Afdeling
Democratie

Kenmerk
2022-0000615381

Digitalisearring en ynnovaasje

Antwurd op de fragen fan de D66-fraksje oft it kabinet fan miening is dat it Fryske taalbelied fan it Ryk en de provinsje mei de tiid meigean moatte. Hokker rol is foar it Ryk weilein yn it stimulearjen fan ynnovaasjes oangeande it digitale gebrûk fan de Fryske taal. Wurdt it gebrûk fan sosjale media, digitalisearring en ynnovaasje in ûnderdiel yn de nije BFTK?

It kabinet is it mei de leden fan de fraksje fan D66 iens dat it Fryske taalbelied fan it Ryk en de provinsje mei de tiid meigean moat. Foar it behâld fan in taal is it fan belang dat dy mei de tiid mei ûntwikkelet. Ek as in mienskip aloan mear gebrûk makket fan digitale tsjinsten, lykas sosjale media. Undersyk wiist út dat Fryske jongerein hieltyd mear gebrûk makket fan de Fryske taal by it brûken fan sosjale media.

Yn de petearen oer de ôfspraken foar de nije Bestjoersôfspraak fan 2024 ôf set ik my yn om te besjen wat op it mêd fan digitalisearring en ynnovaasje mooglik is.

Taalbelied Ryksoerheid en Rykstsjinsten

Antwurd op de fraach fan de D66-fraksje oft it kabinet ree is om de rjochtline Fertaalbelied Ryksoerheid yn gearwurking mei de provinsje Fryslân wêr nedich oan te skerpjen.

Ik bin ree om yn oerlis mei de provinsje Fryslân te besjen wat nedich is om it gebrûk fan de Fryske taal by oerheidskommunikaasje yn de provinsje Fryslân te befoarderjen. De ôfspraken dy't dêrút folgje wol ik opnimme yn de nije BFTK.

Antwurd op de fraach fan de D66-fraksje oft de minister fan BZK ree is om de antwurden yn dit skriftlik oerlis yn sawol it Frysk as it Nederlânsk te jaan.

De beântwurdiging fan dit skriftlik oerlis sil ik, lykas ek myn eardere brieven oer de Fryske taal dit jier, ek yn it Frysk jaan.

Antwurd op de fraach fan de D66-fraksje oft de minister fan BZK ree is om yn de nije BFTK in sterkere rol foar it Ryk op te nimmen yn it oantrúnjen fan it opstellen fan Frysk taalbelied troch lanlike útfieringsorganisaasjes dy't aktyf binne yn it taalgebiet. Antwurd op de fraach fan de CU-fraksje oft by it meartalich oanbieden fan it Ryk ek it Frysk as taalopsje meinommen wurde kin.

ANBI-ynstellingen dy't yn de provinsje Fryslân fêstige binne, meie yn de Fryske taal oan de Belestingtsjinst al ferantwurdiging ôflizze. Yn de petearen foar de nije BFTK sil Frysk taalbelied troch lanlike útfieringsorganisaasjes besprutsen wurde.

De minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties,
De minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes,

**Directoraat-Generaal
Bestuur, Ruimte en
Wonen**
Directie Democratie en
Bestuur | Afdeling
Democratie

Kenmerk
2022-0000615381

Hanke Bruins Slot